

Van harte welkom allemaal, ook de gasten en de luisteraars die thuis met ons verbonden zijn.  
Iedereen een goede en gezegende dienst toegewenst!

**09.30 uur**            **Grutte Tsjerke** - z.o.z. -  
Voorganger:        ds. Joh. Bakker uit Stiens  
Kind van dienst:   Sybren v.d. Wal  
Kinderkerk:        groep 1-4 en groep 5-8  
Lector:             Onno Bouma  
Organist:            Johan Boeijenga  
Oppasdienst:        Tineke Willemsen-Steegstra en Annick Tilma  
VideoTeam:         Gerrit Sipma en Jan Kuipers  
Collecten:          1<sup>e</sup> Diaconie, 2<sup>e</sup> College van Kerkrentmeesters, \* Zendingsbus  
Extra collecte:     Eredienst en Kerkmuziek

#### **Bloemengroet:**

De bloemen in de kerk gaan met onze hartelijke groeten en felicitaties naar Jan en Tine Schoorstra-de Beer, Van Aylvastrjitte 2, i.v.m. hun 40-jarig huwelijksjubileum op 15 april j.l.

#### **Andere mededelingen:**

Tot en met 1 mei is dominee afwezig. Mocht het nodig zijn, dan kunt u contact opnemen met onze ouderenpastor Marianne Folbert-v.d. Heijden.

#### **Volgende week zondag, 7 mei:**

- is de (her)bevestiging en het afscheid van ambtsdragers
- zingen we als kinderlied: Kijk daar, een metselaar
- is er na afloop van de dienst koffiedrinken in het dorps huis

#### **Agenda:**

- Wo. 3 mei    Moderamenvergadering, 20.00 uur bij de scriba  
Zo. 14 mei   Ontmoetingsavond in de Grutte Tsjerke voor de doelgroep 20-40 jarigen.  
                  Inloop met koffie/thee vanaf 19.45 uur, aanvang 20.00 uur



Mededelingen voor het Meidielingsblêd  
uiterlijk donderdags 18.30 uur doorgeven aan de scriba  
(571380 of o.bouma@knid.nl)  
Het Meidielingsblêd staat (veelal vanaf vrijdagavond)  
op de website van onze gemeente: [www.pkn-ternaard.nl](http://www.pkn-ternaard.nl)  
Het beluisteren en bekijken van de kerkdienst kan  
(live of naderhand) via: [www.kerkomroep.nl](http://www.kerkomroep.nl)

## Yntochtsliet Psalm 23:

1. De Heare is myn hoeder dy't my weidet,  
ik mei my deljaan yn in griene greide.  
Neat bin ik brek: Hy bringt my út genede  
allinken nei in lân fan lok en frede.  
Oan fredich wetter jout Er my te drinken  
en moedich rin ik fierder op syn winken.

2. Al gean ik troch de djipste\_en yn it tsjuster,  
al driicht de dea, ik reitsje 't paad net bjuster.  
Jo bliuwe by my yn 'e slimste rite.  
Jo noegje my, 'k mei oan jo tafel ite.  
Jo stôk en stêf, it teken fan jo hoede,  
hawwe\_yn 'e need my treastige\_en begoede.

3. Ik bin jo gast, Jo salvje my de holle,  
myn tsjelk rint oer, de gasthear hat him folle;  
en folge fan al jo goedgeunstichheden  
bin 'k ivich bliid by brea fan jo genede.  
Myn hûs en honk - wat mei ik mear begeare -  
bliuwt nacht en dei de wente fan de Heare.

## Stil gebed

## Bemoediging en groetnis

**Liet 195:** Eare oan de Heit en de Soan  
en de hillige Geast  
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer  
en fan ivichheid oant ivichheid. Amen

## Libbensregel: Exodus 20:1-17

### De tsien Wurden

20<sup>1</sup>Doe spriek God al dizze wurden: <sup>2</sup>Ik bin de Heare,  
dyn God, dy't dy út Egypte, it slavehûs, weihelle hat.  
<sup>3</sup>Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.  
<sup>4</sup>Do meist dy gjin byld meitsje, gjin inkelde ôfbylding  
fan wat boppe yn 'e loft is, of ûnder op 'e ierde, of yn  
it wetter ûnder de ierde. <sup>5</sup>Do meist dy der net foar  
bûge, noch har tsjinje, want Ik, de Heare, dyn God, bin  
in oergeunstich God, dy't de ûngerjochthichheid fan 'e  
heiten op 'e bern ferhellet, oan it tredde en fjirde  
geslacht ta fan harren dy't My haatsje, <sup>6</sup>mar dy't  
geunst bewiist oan it tûzenste geslacht fan dy't My  
leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde. <sup>7</sup>Do meist de  
Namme fan de Heare, dyn God, net misbrûke, want de  
Heare lit net frij-út gean, wa't syn Namme  
misbrûkt. <sup>8</sup>Tink om 'e sabbatdei, en hâld dy hillich.  
<sup>9</sup>Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan. <sup>10</sup>De  
sânde dei lykwols is in sabbat foar de Heare, dyn God.  
Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan, do net, dyn  
soan of dochter net, noch dyn slaaf of slavinne, noch  
dyn fee, noch de frjemdling by dy yn 'e poarte. <sup>11</sup>Want  
yn seis dagen hat de Heare de himel en de ierde  
makke, de see en alles dat dêryn is en Hy rêste de  
sânde deis. Dêrom hat de Heare de sabbatdei segene en  
dy hillige. <sup>12</sup>Earje dyn heit en mem, datst lang libje  
meist op 'e grûn dy't de Heare, dyn God, dy jout. <sup>13</sup>Do

meist net deaslaan. <sup>14</sup>Do meist net troubrekke. <sup>15</sup>Do  
meist net stelle. <sup>16</sup>Do meist gjin falske ferklearring  
ôflizze oer dyn neiste. <sup>17</sup>Do meist dyn neiste syn hûs  
net begeare; do meist dyn neiste syn frou net begeare,  
noch syn slaaf of slavinne, noch syn okse of ezel of  
wat ek mar dyn neiste sines is.

**Psalm 25:** 2. Lit my, Hear, jo wegen witte,  
lear my mei jo Geast en Wurd  
wat Jo ta myn heil my hjitte,  
wiis my wat jo trou betsjut.  
Diel my fan jo wierheid mei,  
lied my yn jo rjochte leare.  
Jo ferwachtsje\_ik al den dei  
as myn Helper en myn Heare.

## Gebed fan Feroatmoediging en Skuldbelidenis

**Psalm 25:** 3. Lit jo heil oer my ferrize.  
Hear, ik mei tefoaren gean  
op jo mylde geunstbewizen  
dy't fan iuwen her bestean.  
Sjoch de sûnden dochts net oan  
fan myn jonkheids iere dagen!  
Doch dy fân my en betoan  
my jo leafde\_en wolbehagen.

## Wurd fan genede

**Psalm 25:** 4. God is goed yn al syn wegen.  
Hy, fan dieden wier en trou,  
lit dy't dwale net ferlegen.  
Wa't deemoedich, mei berou  
't roppen folgje fan syn stim  
sil de Hear de paden sljochtsje,  
wa't de holle bûcht foar Him  
yn syn wegen ûnderrjochtsje.

## Gebed om Ferljochting mei de Hillige Geast

### Berneliet:

Lees je bijbel, bid elke dag  
Bid elke dag, bid elke dag  
Lees je bijbel, bid elke dag  
Dat je groeien mag (3x)  
Lees je bijbel, bid elke dag  
Dat je groeien mag

Lês dyn bibel, bid eltse dei  
Bid eltse dei, bid eltse dei  
Lês dyn bibel, bid eltse dei  
Dasto groeie meist (3x)  
Lês dyn bibel, bid eltse dei  
Dasto groeie meist

**Skriftlêzing: Ezechiël 34: 1-2**  
**Minne hoeders en de Goede**

<sup>1</sup>Doe krige ik dit wurd fan de Heare: <sup>2</sup>Minskesoan, profetearje tsjin de hoeders fan Israel, doch dat en sis tsjin har, dy hoeders: Dit hat God de Heare te sizzen: Wee de hoeders fan Israel, dy't harsels fetweidzje. Hearre de hoeders net de skiep te weidzjen?

**Ezechiël 34: 15-23**

<sup>15</sup>Sels sil Ik myn skiepkjes weidzje en har in rêstplak jaan, – is de godsspraak fan God de Heare. <sup>16</sup>It skiep dat te syk is, sykje Ik op; dat ôfdwaald is, bring Ik wer te plak; it skiep dat him besoard hat, ferbyn Ik; dat swak is, lit Ik oansterkje; dat sûn en sterk is, soargje Ik goed foar: Ik sil se weidzje sa't it heart.<sup>17</sup>En foar jimme, myn skiep, hat God de Heare dit te sizzen: Tink derom, Ik sil as rjochter stean tusken it iene skiep en it oare; tusken rammen en bokken. <sup>18</sup>Is it jimme net genôch, dat jim it goede weidlân ôfweidzje? Moatte jimme wat derfan oer is, no ek noch platwâdzje? Of moatte jim, as jim it heldere wetter opdronken hawwe, wat der oer is, ek noch omgromje mei jim poaten? <sup>19</sup>En moatte myn skiep dan mar ôffrette, wat jim platwâde hawwe, en drinke wat jimme mei jim poaten omgromme hawwe? <sup>20</sup>Dêrom hat God de Heare dit te sizzen: Tink derom, Ik, Iksels sil as rjochter stean tusken it fette skiep en it meagere. <sup>21</sup>Om't jimme mei skoft en side al wat swak is, oan 'e kant triuwe en mei de hoarnen fuortstjitte, oant jimme se om utens ferballe hawwe, <sup>22</sup>dêrom kom Ik myn skiep te help, dat se net langer roofguod hoege te wêzen; Ik sil as rjochter stean tusken it iene skiep en it oare. <sup>23</sup>Ik sil ien hoeder oer har sette, dy't har weidzje litte sil: myn tsjinstfeint David; dy sil har weidzje litte en hoeder oer har wêze.

**Liet 608:**

1. De steppe sil blomkje,  
de steppe sil laitsje en sjonge.  
De stienrotsen dy't  
dêr steane al sûnt de skepping,  
stean'fol wetter, mar ticht,  
de rotsen geanne\_iepen.  
It wetter sil streame,  
it wetter sil glinsterje\_en strielje,  
toarstigen komme en drinke.  
De steppe sil drinke,  
de steppe sil blomkje,  
de steppe sil laitsje en sjonge.

2. De ballingen komme  
werom mei har glânzjende skeaven,  
Wa't gienen yn rou  
oant yn'e dizige fierte,  
ien foar ien, en foargoed,

dy komme yn kloften.  
As beken fol wetter,  
as beken fol oanstowend wetter  
delstoartend, heech fan 'e bergen.  
Mei laitsjen en sjongen  
wa't siedden yn triennen  
dy komme mei laitsjen en sjongen.

3. De deade sil libje  
de deade sil hearre: no libje.  
Do kaamst oan 'e ein  
waardst ûnder stiennen begroeven,  
deade, deade, oerein,  
it ljocht fan 'e moarntiid.  
In hân sil ús winke  
in stil sil ús roppe\_Ik brek iepen  
himel en ierde en ôfgrûn.  
En wy sille\_it hearre  
en wy sille\_oereingean  
en laitsje en sjonge en libje.

**Skriftlêzing Johannes 10: 1-10**

**De goede Hoeder**

<sup>1</sup>Wiswier, wiswier, Ik sis jimme, dy't net troch de doar ta de skieppekoai ynkomt, mar der oars earne wei ynklimt, dat is in dief en in rover; <sup>2</sup>mar dy't der troch de doar ynkomt, dat is de hoeder fan 'e skiep. <sup>3</sup>Foar him docht de doarwachter iepen en de skiep hearre nei syn lûd; hy ropt syn eigen skiep by de namme en driuwt se der út. <sup>4</sup>Wannear't er syn skiep der allegearre útdreaun hat, giet er foar harren út en de skiep komme achter him oan, omdat se syn lûd kenne; <sup>5</sup>mar in frjemden-ien sille se grif net achternei komme, nee, se sille by him wei rinne, omdat se it lûd fan frjemden net kenne. <sup>6</sup>Mei dat byld spriek Er ta harren: mar sy begriepen net wat Er harren sizze woe. <sup>7</sup>Dêrom sei Jezus nochris: Wiswier, wiswier, Ik sis jimme: Ik bin de doar foar de skiep. <sup>8</sup>It binne allegearre dieven en rovers, dy't (foar My) kommen binne; en de skiep hawwe net nei har harke. <sup>9</sup>Ik bin de doar; as ien troch My yngiet, sil er behâlden wurde en hy sil yngean en útgean en weide fine. <sup>10</sup>In dief komt inkeld en allinne om te stellen en te slachtsjen en te ferneatigjen: Ik bin kommen, dat se libben en oerfloed hawwe meie.

**Tekstlêzing Johannes 10: 10**

<sup>10</sup>In dief komt inkeld en allinne om te stellen en te slachtsjen en te ferneatigjen: Ik bin kommen, dat se libben en oerfloed hawwe meie.

**Liet 653:**

1. Ferburgen Hear dy't by ús binne,  
út Jo te libjen al den dei,  
Jo kenne en yn wiisheid winne,  
sa-lang't wy gean ús ierdske wei  
o Kristus, dy't yn wrâlds berin  
ús ein betsjutt\_en ús begjin

6. Jo binn'de hoeder en beminne  
ús as jo skiep, Jo bliuwe\_ús nei.  
Jo lied\_ús yn in griene finne  
en geane\_ús foar, Hear, dei by dei.  
Wa't Jo aloan foar eagen hâldt,  
sil net ferdwale\_yn dizze wrâld.

7. O Kristus, oan ús jûn allinne,  
Jo dy't yn ivichheid de wei,  
de wierheid en it libben binne,  
sin fan wat wie en komme mei  
o skink dit himelsk heimenis  
jo tsjerke dy't op ierde is.

### Ferkundiging: 'De gemeente is in keppel hoeders'

#### Liet 654:

1. Sjong no de Hear, stim mei ús yn  
dy't God de lof tasjonge,  
want wy ha al fan't oanbegjin  
fan Him it goede\_ûntfongen.  
Hy rôp it minske skaai yn 't ljocht,  
en hat ús mei syn heil betocht,  
syn seine\_oer al ús gongen.

5. Hear Jezu, Jo hawwe\_ús besocht,  
Jo opgong fan omhegen,  
Jo hawwe ús befrijing brocht  
en yn jo tsjinst ús frede.  
Jo hawwe\_it doarmjend laam wer fûn,  
de himel hat ús skuld ferjûn:  
God lit ús net ferlegen.

6. Sjong dan de Hear, stim mei ús yn  
dy't God de lof tasjonge,  
Hy skoep ús ta in nij begjin,  
hoe't wy oan't kweade hongen.  
Dy't yn genede nei ús sjocht,  
Hy ropt ús út 'e nacht yn 't ljocht,  
wy ha syn heil ûntfongen!

### Gebeden: Tankbea, Foarbea

#### Tuskentiden 229:

1. God fan fier en hein ús Heit,  
dat wy hil - lig - je jo nam - me,  
ûn - der ús sa faak ûnt - wijd,  
troch jo ei - gen bern be - skam - me.

2. Bûch de folken nei jo wet,  
lit jo ryk op ierde komme,  
Byn jo wil ús op it hert,  
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich grea,  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. lit oer ús gjin neare nacht,  
lied ús net yn blyn begearen,  
binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,  
wûnder heimmis is jo namme,  
grut yn krêft en hearlikheid,  
oant yn alle tiden. Amen.

### Kollekte

#### Liet 416:

1. Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol oant wersjen oer ús weitsje,  
lit gjin kwea ús rigen reitsje,  
Hear, wês my ús oant in oare kear.

2. Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol ús nei jo wjukken hoedzje,  
stypje as de stoarmen woedzje.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

3. Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol de wegen foar ús sljochtsje,  
ús net nei ús sûnden rjochtsje  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

4. Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
as wy wurch en warleas binne,  
lit ús dan troch Jo oerwinne.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

### Seine

#### Liet 425:

Wy gean mei jo segen bliermoedich ús wegen  
jo wurd fan omhegen joech ús nije moed.  
Hy dy't ús behâld is, it ljocht fan 'e wrâld is,  
wol waarmje wat kâld is mei syn leafdegloed.  
Wat Kristus ús learde is sied dat bekearing,  
wy siedzje\_it op ierde en wachtsje\_op wat komt.  
En ûnder de hoede fan Him dy't ús stjoerde  
sill' leafde en goedens aanst dije rûnom.

#### Lied 708:

1. Wilhelmus van Nassouwe  
ben ik van duitsen bloed,  
den vaderland getrouwe  
blijf ik tot in den dood.  
Een prinse van Oranje  
ben ik vrij onverveerd,  
den koning van Hispanje  
heb ik altijd geëerd.

6. Mijn schildende betrouwen  
zijt Gij, o God, mijn Heer!  
Op U zo wil ik bouwen,  
verlaat mij nimmermeer!  
Dat ik noch vroom mag blijven,  
uw dienaar t'allier stond,  
de tirannie verdrijven  
die mij mijn hart doorwondt.